Obe Postma Selskip



Algemiene Ledengearkomste 2014.

Te hâlden op 4 februaris 2015, Kafee Wouters te Ljouwert.



Achte leden fan it Obe Postma Selskip,

Hjirby noegje ik jo út namme fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip út foar de jierlikse ledegearkomste. Die gearkomste wurdt hâlden op woansdei 4 februaris 2015 en wol yn Kafee Wouters, Sophialaan 5, te Ljouwert. De wurklist fan it húshâldlik part en it programma fan it ynhâldlik part fine jo ûndersteand.Wolle jo, yn gefal jo dizze ledegearkomste bywenje wolle, my dêrfan efkes op'e hichte stelle ? It leafst fia in e-mail.

Mei freonlike groeten,
Jan Gulmans, skriuwer
E-mail: jan@gulmans.com

Wurklist Algemiene Ledegearkomste
Plak: Kafé Wouters, Sophialaan 5 te Ljouwert.
Tiid: 19.30 oant 21.30 oere.

(1) Iepening.
(2) Mûnling jierferslach 2014.
(3) Werom en foarút sjen: meidielingen oer 2014 en plannen oangeande 2015.
(4) Finansjele saken: finansjeel ferslach 2014, kaskommisje, begrutting 2015.
(5) Opheffing Obe Postma Stichting.
(6) Wat der mear op it aljemint komt en ôfslúting.

Skoft
Nei it skoft sil Alpita de Jong in lêzing hâlde oer:

‘Fan de Halbertsma’s nei Obe Postma: hoe’t it klassike romantysk waard’

Alpita de Jong hat fan 1998-2003 lid west fan de redaksje fan it Frysk literêre tydskrift *Hjir*. Fan 2001-2008 fersoarge sy kolleezjes Fryske literatuer en Europeeske kultuerskiednis oan de Universiteit fan Amsterdam. Sy joech lêzingen en fersoarge publikaasjes oer literatuer, wittenskips- en kultuerskiednis foar ûnderskate wittenskiplike en kulturele organen en ynstellingen as Werkgroep *De Negentiende Eeuw*, *Tijdschrift voor Biografie* (earder: *Biografiebulletin*), it Nederlands Letterenfonds, Biblion, Sirkwy. Yn 2009 promovearre sy op it gelearde netwurk fan Joost Halbertsma (Proefskrift: *Knooppunt Halbertsma*, Hilversum: Verloren, 2009). Sûnt 2010 is sy dwaande mei de biografy fan Joast Halbertsma. As taljochting op de boppesteande titel fan har lêzing, liet Alpita ús it folgjende witte: ‘Krekt nei 1900 skreau Postma in gedicht oer de *Rimen en teltsjes* fan de bruorren Halbertsma. It waard publisearre yn it tydskrift *Forjit my net*, it tydskrift fan it Frysk selskip yn Grins en de krite ‘Halbertsma’. De *Rimen en teltsjes* wiene foar Obe Postma de wjerklank fan de taal, de minsken en it libben út syn jonge jierren. Krekt as in protte oaren projektearre er gefoelens fan unwennichheid en weemoed op de gedichten en ferhalen fan de Halbertsma’s. Sa waard it Frysk en Fryslân gelyksteld oan teare gefoeligens, jeuchdige fleur, suver gelok, noflike mienskipssin, en earlik wurk. Koartsein: it Frysk waard de taal fan it hert en Fryslân it bêste op d’ierde. De Halbertsma’s mei har *Rimen en teltsjes* spilen foar Postma en oaren in belangrike rol yn dizze romantisearring fan it Frysk en Fryslân. Mar wiene de Halbertsma’s sels ek romantisi?’Alle leden wurde hjirby útnoege dizze jûn mei te meitsjen.